



Notulen 1ste ALV Meïinoar Grien Jellum-Bears op de 9de fan 'e gersmoanne yn it jier 2019.

Ruben Mulder, Nico Klaver, Babette de Haan, Henk de Boer, Wim Venema, Daniël Span, Piet Kingma, Piet Bootsma, Frank Vellinga, Cobi van der Werff, Nelleke Meindertsma, Maarten Blanken, Ytje Wassenaar en Jochum Rypma hawwe in jûn frijmakke om it heldere ferhaal fan Truke Zeinstra en fan de skjinne enerzjy-goeroe Bouwe de Boer oan te hearren en har dêroer te befreegjen.

Truke hat nei fermelding fan it tal leden (33 mei 12 oerstappers) ús as in betûfte reisliedster troch de bosk fan komplekse rigels en subsydzjes laat oangeande de mooglike projekten fan Meïinoar Grien Jellum-Bears, fûn ek Bouwe de Boer.

De Postkoaderoas is bedoeld foar minsken dy't sels gjin panielen hawwe wolle of minder opwekke as harren ferbrûk en dy't deselde postkoade of de oangrinzjende hawwe fan it sinnepanieldak. Op dit sinnedak fan bg. in lizboksstâl kin eltse dêrfoar yn oanmerking kommende leafhawwer panielsje(s) lizze dy't net mear opwekke meie as syn of har ferbrûk om 15j. lang frijsteld te wurden fan enerzjybelesting (€0,10/kWh), dy't heart bij de opwekte stroom.

Len paniel kostet ca. €300,- en de netto opbringst is nei 15 jier bij 200 panielen foar de doarpskoöperaasje sa'n €20.000,-. It tal panielen is beheind om't se net mear opwekke meie as it ferbrûk fan de dielnimmers.

Bij de SDE+ sinnedaken wurdt it maksimaal tal panielen bepaald troch opperflakte en sterkte fan it dak en fansels troch de ynfestearingsmotifaasje. Eltsenien fan Amsterdam oant Parys kin hjir oan meidwaan tsjin 3-4% rinte, ek 15j. lang. De opbringst foar de koöperaasje is bij 600 panielen en subydzje fan €0,09 /kWh sa'n €100.000,-. Jouke en Lametta hawwe mooglik romte foar 900-1000 panielen.

Bij beide projekten is it Fryske Fûns foar Skjinne Enerzjy willich om de helte út te lienen foar 3-4%.

In djoere Enerzjyscan litte we earst lizze om't elts syn siichhoekjes wol beneame kin. Nelleke tocht dat je troch doelbewuste fragen op ynternet fergees dizze probleemhoekjes fine kinne. Mar isolaasje bliuwt fansels wol de goedkeapste enerzjybesparring.

Partisipaasje yn in wynmûnekluster soe ek in mooglik projekt wêze kinne, mar dat moatte we noch fjirder útskykje.

In doarpsmûne is no net oan de oarder fanwege de politike situaasje.

Meïinoar ynkeapje fan isolaasje (Nelleke) en LED-lampen (Frank) soe ek in projekt wêze kinne.

Piet Bootsma brocht de problematyk fan de BTW-ôfdracht nei foaren. Miskien wat foar Watse sa tocht Truke.

Piet tocht ek oan in doarpslaadpeal te runnen troch Doarpsbelang(?)

Ruben koe as gebrûker, op in fraach fan Nico, fertelle dat in waarmtepomp in soad elektrisiteit fret en dat it sûnder goeie isolaasje gjin inkel doel hat. Mar as jo panelen mear opwekke as jo ferbrûk wurdt it nijskjirrich foar de WP. En meiïnoar sa'n djoer ding (ca. €20.000,-) keapje is miskien ek in opsje tocht Ruben.

Piet Kingma frege omtinken foar de houten molens. Dat soe in mooglikheid wêze kinne, mar se binne wol minder rendabel as sinnepanelen sa wist Jochum en boppedat keart de FNP it op. Bouwe wist noch te melden dat je 300 fan dizze mûnen nedich hawwe om de opbringst fan ien 3MW-mûne te heljen.

Nei it skoft krigen we de enthousjasme opwekjende enerzjystroom fan Bouwe de Boer .

Hij lit ús witte dat hij as enerzjykoördinator bij de gemeente Ljouwert al 25 jier in frij yn te dielen baan hat en dêrom likegoed bij de provinsje wurksum is en as sadanich ek as oanjager foar de lânlike enerzjytransysje enerzjykommissaris is foar Fryslân.

Mei troch syn ynset wurdt it ûnmooglike mooglik.

De sinneboaten fleane no mei 52 km/û troch de Swette.

Allinnich yn Fryslân binne al sa'n 50 enerzjykoöperaasjes

Tidens Kulturele Haadstêd beweegde d'r 2 wike lang in lange sliert ferkear fossylfrij troch ús provinsje, wat takom jier it hiele noarden beslaan moat.

We hearden fan him dat d'r yn 2030 yn eltse gemeente 49% minder útstjit fan broeikasgas wêze moat as yn 2020.

Fjirder wol Arriva ta nei in batterijtrein, kin de elektryske auto brûkt wurde as opslach foar oertollige stroom en kin de ierdgaslieding tsjinje foar biogas of wetterstof, hoewol hy dy lêste enerzjydrager net sa'n grutte rol takent.

D'r soe al tefolle ynsetten wêze op sinne en wyn.

Oant safier de lang net alles beneikommende wurdenstream fan Bouwe en tagelyk de ein fan de earste Algemiene Ledefergadering fan Meiïnoar Grien Jellum-Bears.

De kommende is fêststeld op 07-04-2020.

Nammens it bestjoer opmakke troch Jochum